

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
De hear dr. R.H.A. Plasterk
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

POSTADRES

/ BHP Flex - Blokhúspoarte
/ Blokhúsplein 40
/ 8911 LJ Ljouwert

/ ynfo@dingtiid.nl
/ www.dingtiid.nl
/ @dingtiid

Ljouwert, 25 maart 2016

Achte hear Plasterk,

Koartlyn hat in Fryske belestingplichtige telefoanysk kontakt opnommen mei de Belestingsjinst mei in fraach oer de ynkombesteasting. Yn dat petear die bliken dat de meiwurkster ek Frysktalich wie. Op de fraach oft it petear dan ek yn it Frysk fuortset wurde koe, antwurde de meiwurkster dat dat net mocht. De beller mocht ek gjin Frysk prate. Dat allegearre, ek al hie de beller earder in oanjeftebrief ynkombesteasting 2015 krigen dy't ôfkomstich wie fan in ynspekteur dy't Ljouwert as wurkplak hie.

Neifraach by de Belestingsjinst troch in sjoernalist fan de Leeuwarder Courant, de hear Willem Bosma, wiisde út dat der neffens it by de Belestingsjinst jildende boekje hannele wie. Der waard oanjûn dat de Belestingstelefoan in lanlik wurkjend ûnderdiel fan de Belestingsjinst is en dêrtroch net oan te merken wêze soe as in bestjoersorgaan dat fêstige is yn de provinsje Fryslân en dêrom net ferplichte wêze soe om derfoar te soargjen dat boargers de Fryske taal brûke kinne.¹

It bestjoer fan DINGtiid is dêrtroch fernuvere. Noch mar krekt twa jier lyn makke de politike partij FNP wat soartgelikens mei. De Belestingsjinst reagearre ôfwizend op in yn it Frysk opsteld beswierskrift fan de FNP, mei de opmerking dat in oersetting oanlevere wurde moast omdat it beswierskrift yn in frjemde taal opsteld wêze soe. Gelokkich hat de Belestingsjinst letter oanjûn dat der sprake wie fan in fersom en it fersyk om in oersetting ynlutsen.

Yn jo brief oan de FNP fan 15 jannewaris 2014 (jo merkteken 2014-0000022247) neame jo dat ek in begrutlike saak. Fierder jouwe jo oan dat in rom gebrûk fan de yn de wet opnommen regels foar beskerming en stimulearring fan it gebrûk fan de Fryske taal winsklik is. En dat de yn de wet formulearre útsûnderingen op it gebrûk fan it Frysk – kêst, lid 2 – ek echt de útsûnderingen binne.

Nei oanlieding fan dat fersom hat de Belestingsjinst oanjûn maatregels nimme te sille om werhelling foar te kommen. Jo hawwe yn jo brief oan de FNP oanjûn om by de dekonsintrearre rykstsjusten dy't de provinsje Fryslân as wurkterrein hawwe, it fersyk del te lizzen om foar 1 july 2014 regels op te stellen oer it brûken fan it Frysk.

¹ Leeuwarder Courant, 12-03-2016, "Belastingdienst doet 't wéér".

Ut it resinte foarfal mei de Belestingstelefoan docht bliken dat der noch te min maatregels nommen binne. DINGtiid wurdt sa stipe yn syn opfetting dat der te frijbljuwend omgien wurdt mei de Wet gebrûk Fryske taal en dat der in soad ferlet is fan mear stjoering, sa't troch DINGtiid ek beskreaun is yn it advys "feroaring en ferbettering" fan septimber 2015.

Wy freegje jo dan ek om mei jo kollega-bewâldspersoanen it rjocht om it Frysk te brûken yn it kontakt mei bestjoersorganen en dekonsintrearre rykstsjinsten yn de provinsje Fryslân bliuwend ûnder de oandacht te bringen en der by dy bestjoersorganen en dekonsintrearre rykstsjinsten op oan te stean dat der maatregels nommen wurde en belied ûntwikkele wurdt oerienkomstich de Wet gebrûk Fryske taal.

Wy wolle jo dêrneist advisearje om yn de tuskenevaluaasje fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (2016) mei klam in analyse te meitsjen fan de status fan de ymplementaasje fan de Wet gebrûk Fryske taal by alle oanbelangjende bestjoersorganen, ynklusyf in spesifyk útfieringsplan foar elk bestjoersorgaan hoe de wet echt te ymplementearjen en dêrnei alle jierren te kontrolearjen.

Mei freonlike groetnis,



Klaas Sietse Spoelstra
Foarsitter DINGtiid